

## Ynformaasje, betingsten en praktyk-regels

### Earste kear

It earste consult kostet €19,50 (2009). Faak is er in kaakröntgenfoto nedich (€61,60 (2009)). Jo krije dan ynformaasje oer de needsaak, timing en mooglike wizen fan behanneling. Ek de kosten wurde globaal oanjûn. At jo beslute fierder te gean, folget (nije ôfspraak) in ûndersyk mei gebitsmodellen en röntgenfoto's. Dit kostet yn de measte gefallen sirka €250. Oan de hân fan alle ûndersyksrisseltaten en yn oerlis wurdt in behannelplan opsteld. Hjirnei beslute jo at jo fierder geane mei de foarstelde behanneling. Is dat it gefal, dan geane jo dêrmei akkoard mei ús praktykregels.

### Kosten

De tariven foar ortodontsy wurde yn Nederlân sintraal fêststeld troch de NZa. De NZa hat dit no al jierrenlang net goed foar elkoar en is ein 2008 troch it College van Beroep op de fingers tikt foar de ûnsekuere en min motivearre taryfyngrepen. Dêrom hâlde wy ús it rjocht foar om toskedokterstariven of ortodontistentariven te deklarearjen. De kosten fan in ortodontyske behanneling binne ôfhinklik fan de doer fan de behanneling en fan it soart apparatuer dat derfoar nedich is. Yn trochsnee kostet in ortodontyske behanneling sa'n €2.300, ynklusyf it ûndersyk en it earste consult, de behanneling, de kontrôles en de apparatuer. Eventuele troch jo toskedokter of troch de kaaksjirurch út te fieren yngrepen binne fansels net ynbegrepen by dizze ortodontsytariven.

### Fergoeding

De measte oanfoljende fersekerings biede ta 18 of 22 jier in goeie dekking (70-80%). Folwoeksenen kinne by guon fersekerders 100% dekking fersekerje.

### Ofspraken

Wy wurkje op ôfspraak. De measte kontrôles binne om de 5 of 6 wiken. It is net mooglik om de ôfspraken bûten skoaltiid te plannen, omdat wy fral skoalbern behannelje. In ôfspraak dy't net neikommen is, wurdt yn prinsipe yn rekken brocht: sis dus op tiid ôf!

### Meiwurking en toskepoetsen

Foar it slagjen fan de behanneling is de meiwurking en mûlhygiëne (poetsen) fan tige grut belang! At de meiwurking ûnfoldwaande is of at it gebit net goed genôch skjinholden wurdt, binne wy twong om te stoppen mei de behanneling.

### Reparaasje beugel of spalkje

Foar reparaasje/ferfanging fan de apparatuer nei ûnsekuere gebrûk kin €34,70/€48,30 plus de materiaal- en technykkosten yn rekken brocht wurde. Reparaasje fan in los spalkje (achter boppe- of ûndertosken) nei ôfbehanneling is net fergees, mar wurdt deklareard as in behannelingsmoanne, neffens de regels fan de NZa.

### Nota's

Foar it ferstjoeren en ynkassearjen fan de nota's meitsje wy gebrûk fan in factoringbedriuw/clearinghouse Fa-med. De betellingsbetingsten fan Fa-med jilde foar al ús tsjinsten. Fragen oer in nota sille jo oan Fa-med stelle moatte. Ek foar kopie-nota's kinne jo tsjin betelling by harren terjochte. By te lichte betelling of wanbetelling sille sy yn aksje komme mei herinneringsnota's en oanmoannings. Dit hat ek konsekwinsjes foar de behanneling. Hâlde jo jo dus asteblyft oan de regels! Sa kinne wy ús folslein dwaande hâlde mei ús spesjaliteit: de ortodontsy.